FERIENING FRYSK UNDERWIIS

Skriuwerskip:
Drs. S.T. Hiemstra
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

Harksitting fan it Konsultatyf Orgaan oangeande it *Europeesk Hânfêst foar regionale en minderheidstalen*

Ljouwert, 2 nov. 2006

Foarsitter, oanwêzigen,

Tank foar de útnoeging om in bydrage te leverjen foar it kommende 'Memorandum 2006'.
Myn namme is Tom Dykstra en ik fertsjintwurdigje de *Feriening Frysk Underwiis*, in feriening dy't ek oansletten is by de *Ried fan de Fryske Beweging*. Wat it *ûnderwiis* oanbelanget, sprek ik ek mei út namme fan de *Ried*.

Foarsitter, de *FFU* en ek de *Ried* binne gjin útfieringsorganisaasjes, mar wy bewege ús op it mêd fan ûnderwiisbelied. Us doel is om it Frysk yn it ûnderwiis fan pjutteboartersplak oant en mei universiteit syn rjochtlik plak te jaan. Frysktalige en net-Frysktalige bern/jongerein yn Fryslân groeie mei-inoar op en as it ûnderwiis yn de hjoeddeiske iepen wrâld de Fryske taal en kultuer net tige syn gerak jout, dan betsjut dat op termyn de deastek foar dy minderheidstaal.

Yn dat ferbân wurde faak begripen as *lykweardigens* en *lykberjochtiging* hantearre. Dat bliuwe lege begripen as se net in lading fan positive diskriminaasje krije. Dat soe betsjutte moatte dat it mûnling en skriftlik brûken fan it Frysk yn Fryslân de regel is en it Hollânsk de útsûndering. It Frysk as earste taal dus. Yn de kromwoeksen realiteit fan ús provinsje is dat it krekt oarsom: it Hollânsk is de regel en it Frysk yn de praktyk almeast de útsûndering. Net allinnich yn it ûnderwiis, mar ek yn gâns oare maatskiplike domeinen. Dat hat sa syn histoaryske oarsaken. Ik gean dêr fierder net op yn. It Frysk kin as kultuertaal allinnich bestean en him fierder goed ûntjaan, as dy taal mûnling en skriftlik yn dy domeinen it wichtichste plak kriget. It ûnderwiis moat de takomstige kultuerdragers dêrop tariede.

Foarsitter, ik sjoch oan de iene kant nei de ús tastjoerde fragen foar dizze refleksjegearsit en oan de oare kant nei de bepalings oer it ûnderwiis yn it Hânfêst. Ik begjin mei wat te sizzen oer ús aktiviteiten yn it tiidrek 2002-2005. Dêrnei wol ik in stikmannich oanbefellings dwaan dy't te krijen hawwe mei de ûnderwiisbepalings út it Hânfêst.

Om de tiid kin ik net alle **aktiviteiten** fan ús organisaasjes neame út de ôfrûne jierren. Foar in goed en aardich folslein oersjoch dêrfan moat ik ferwize nei ús webstek: www.fryskebeweging.nl; oanklikke *Feriening Frysk Underwiis*.

Ik behein my no efkes ta de diskusje oer de kearndoelen foar Frysk, (2) it efterstannebelied yn ús provinsje en (3) in stikmannich troch ús útstelde beliedsmaatregels.

a. Op sawol lanlik as provinsjaal nivo hawwe wy besocht om de besteande *lykweardichheid* fan de kearndoelen Frysk oan dy foar it Hollânsk te rêden. It wie net mear as tafal dat it ús mei in pear oaren slagge is om de tige beheinde nije kearndoelútstellen fan de SLO yn alle gefallen oant it nivo fan it Ingelsk omheech te heljen en sadwaande alle taalskiften oan bod komme te litten. Wy hawwe as FFU der in protte tiid en enerzjy yn stekke moatten en by einsluten sitte wy mei kearndoelen dy't

net *lykweardich*, mar *minderweardich* binne oan dy foar it Hollânsk. It Ryk hat troch it fêststellen fan dy minderweardige doelen in foar ús skealike taalpolityk fierd. De redenaasje dat de ‘realiteit’ om sokke doelen frege, ûnderskriuwe wy absolút net, omdat ek mei lykweardige doelen differinsjaasje yn wat bern yn it Frysk berikke kinne, hiel goed mooglik is.

b. Troch de rykspolityk oangeande de saneamde ûnderwiisefterstannen hawwe wy fan rykswege foar jonge bern it piramideprojekt oer ús hinne krige. Yn dat projekt waard en wurdt op gjin inkelde wize rekken holden mei de Frysktalige bern en it etiket efterstân is dan al hiel gau plakt. Sa’n taalpolitike maatregel is der pedagogysk en didaktysk fier by troch en sil eventuele ûnderwiisefterstannen earder befoarderje as weinimme. In tige skealik by-effekt wie ek dat gâns âlden op advys fan ynspeksje of oare ‘pedagogen’ yn de húshâlding fan it Frysk op it Hollânsk oerskeakelen. Wy neame dat in polityk fan taalûnderdrukking (*taalmoard* as jo wolle) en hawwe dat as FFU by de minister fan OCW yn de ôfrûne jierren mear as ien kear op it aljemint brocht. It wie in striid sûnder sukses: minister Van der Hoeven bleau by har opfetting dat it piramidepakket ek goed wie foar Frysktalige bern!

c. Fierders hawwe wy as feriening in protte tiid en enerzjy stutsen yn it útstellen fan *beliedsmaatregels* foar de Fryske taal en kultuer yn it ûnderwiis. Maatregels dy’t ek gefolgen hawwe moatte foar de ûnderwiis- en taalwetjouwing en de dêrfan ôflate regeljouwing. Sûnder folslein te wêzen of op de details yn te gean, neame wy it Frysk of de Fryske taal en kultuer as *ferplichte* eksamenfak foar yn prinsipe alle learlingen yn alle foarmen fan it fuortset ûnderwiis, de *kwaliteit fan de ynspeksje* as it om it ûnderwiis yn it Frysk giet en it tafersjoch dêrop, de *trijetalige* skoalle foar basis- en fuortset ûnderwiis, de behearsking fan it Frysk as *beneamingseask* yn it basis- en fuortset ûnderwiis, de *kwaliteit* fan it foech Frysk, en in lanlike en regionale *ûnderwiiskanon* dy’t op dy beide nivo’s folslein rjocht docht oan de Fryske taal en kultuer.

Foarsitter, oer fraach 1 fan de tastjoerde fragen kinne wy koart krieme. Der hawwe fan ús kant gâns aktiviteiten west op it ryks-, provinsjaal en ek skoalnivo. Dêr is noch sa’n bytsje fan realisearre dat ús doelstellings net feroare wurde hoege.

Wat fraach 2 oangiet, binne wy fan betinken dat it ryk noch altiten in **repressyf** ûnderwiisbelied fiert. Oer it generaal waard der yn ôfrûne tiid yn it ûnderwiisbelied struktureel gjin rekken mei it Frysk holden en dan liede in protte maatregels yn de praktyk gauris ta in bedriging foar it fuortbestean fan ús taal en kultuer. De provinsje wol dat feroarje, it Ryk keart op. Dat is noch altiten de besteande realiteit. Soks kin allinnich mar feroarje en ferbetterje as de provinsje ‘medewetgever’ wurdt, sadat der flotter en better taalwetjouwing ta stân brocht wurde kin. Dan kin it net langer foarkomme dat in ferplichte fak Frysk as iennige fak yn it fakultatyf differinsjeel part fan it learplan pleatst wurdt, omdat de kommisje Wijnen yn de noata ‘Verantwoording delen’ dat sa woe. Dan wurdt it Frysk marzjinalisearre as in bykomstichheid yn dy ‘ferfelende’ provinsje Fryslân mei syn - yn Hollânske eagen - problematysk ôfwikend taalgedrach!

Oangeande de fragen 4 en 5 it neikommende: ús algemiene oardiel oer de rapportearre tastân fan it Fryske taalbelied is dat de provinsje wol foarút wol, mar dat de lanlike oerheid soks ôfremmet. De maatregels dy’t nommen wurde, hawwe te min effekt. Wat der mist is in folslein en gearhingjend pakket oan wetlike maatregels. Yn grutte halen ûnderskriuwe wy wat de kommisje fan saakkundigen en it komitee fan ministers fan de Ried fan Europa oer it Fryske taalbelied seit.

Us útstellen foar maatregels (de fragen 3 en 6):

A. By fraach 3 tinke wy oan de neikommende **5 beliedsmaatregels:**
1. It Frysk wurdt in ferplichte ûnderdiel fan de wurk-, lear- en stúdzjeprogramma's fan pjutteboartersplak oant en mei hegeskoalle om in trochgeande learline sûnder ûnderbrekkings foar alle learlingen realisearje te kinnen.
2. It trijetalich ûnderwiiskonsept wurdt ynfierd fan basisskoalle oant en mei de pabû's op de beide hegeskoallen.
3. It Frysk wurdt in ferplichte eksamenfak foar yn prinsipe alle learlingen yn it fuortset ûnderwiis yn Fryslân.
4. De lykweardigens en lykberjochtiging oan it Hollânsk wurdt werombrocht yn de kearndoel- en eintermformulearrings foar it Frysk en de Fryske taal en kultuer.
5. Yn de *Wet Inburgering Nieuwkomers* wurdt opnommen dat it Frysk ferstean en lêzen in minimumeask is foar eltse nijkommer dy't yn Fryslân wenje en/of wurkje wol.

B. ***21 konkrete* maatregels** (fraach 6) dy't de ryksoerheid de kommende trije jier nimme moatte soe om foldwaan te kinnen oan de oanbefellings fan de Ried fan Europa (Memorandum 2004) op it mêd fan it ûnderwiis:

1. Foarskoalske ynstellings
1. It Frysk wurdt in ferplichte ûnderdiel yn de taalbeliedsplannen fan alle foarskoalske ynstellings.
2. De ROC's ûntwikkelje in kwalitatyf goed programma foar in Sertifikaat Frysk.
3. It hawwen fan in sertifikaat Frysk wurdt in funksje-eask om as liedster oansteld wurde te kinnen.
4. Gemeenten moatte derop tasjen dat VVE-jild yn harren gemeente brûkt wurdt foar in twatalige setting.

Taljochting: Kêst 8.1.a jout oan dat in 'aanmerkelijk deel' fan it foarskoalsk ûnderwiis oanbean wurde moat yn de oanbelangjende streektalen of minderheidstalen. It tal ynstellings dat oant no ta frijwillich meidocht, is in earste stap en jout oan dat soks goed mooglik is.

2. Primêr ûnderwiis
5. De formulearring 'aanmerkelijk deel' (kêst 8, Hânfest) wurdt opnommen yn de ûnderwiiswetjouwing.
6. De kearndoelen Frysk yn basis- en spesjaal ûnderwiis wurde lykweardich oan dy foar it Hollânsk útgeande fan it prinsipe fan de lykberjochtiging en it kommen ta adekwaat trijetalich ûnderwiis.
7. It Frysk as fak en as fiertaal by oare fakken kriget yn de kurrikula fan de ynstellings in folweardich plak.
8. It ferbettere, nije foech Frysk is in funksje-eask by de beneamingsproseduere. Sittend personiel kriget 5 jier de kâns it foech dochs noch te heljen.
9. By it ûntwikkeljen fan ûnderwiislearmiddels wurdt útgien fan *yntegraal* taalûnderwiis om ferlykjend taalûnderwiis mooglik te meitsjen. (Dus gjin aparte metoaden foar Frysk en Hollânsk en ek Ingelsk dy't ynhâldlik net opinoar oanslute en in systematyske ferliking net mooglik meitsje.)
10. Foar de oare fakken/leargebieten wurdt safolle Frysktalich materiaal ûntwikkele, dat foldien wurde kin oan it saneamde 'aanmerkelijk deel'.
11. It ryk stelt de nedige finânsjes beskikber foar in wurkgroep of kommisje om in kanon foar de Fryske taal en kultuer te ûntwikkeljen mei útstellen foar de lanlike kanon en in eigen regionale kanon dy't opnommen wurde moat yn it skiednis- en kultuerûnderwiis yn resp. hiel Nederlân en Fryslân.

Taljochting:
Kêst 8.1.b seit dat in ‘aanmerkelijk deel’ fan it primêr ûnderwiis yn it Frysk jûn wurde moat.
Kêst 8.1.g seit, dat der in regeling komme moat om it ûnderwiis yn de skiednis en kultuer dy’t yn de minderheidstaal wjerspegele wurdt, te garandearjen.

3. Fuortset ûnderwiis
12. Dat wat der stiet by it primêr ûnderwiis (a o/m g).
13. It Frysk is oer trije jier in ferplichte eksamenfak yn it fuortset ûnderwiis.

Taljochting:
Kêst 8.1.c seit dat yn it fuortset ûnderwiis it Frysk in ‘yntegrearjend’ part fan it kurrikulum wêze moat.

4. ROC’s
14. It Frysk is oer trije jier in yntegrearjend part yn de kurrikula foar dy opliedings dy’t rjochte binne op de omgong mei bern en folwoeksenen en op helpferliening.

5. Heger ûnderwiis
15. De pabû’s fan de beide hegeskoallen geane oer trije jier út fan in trijetalich ûnderwiismodel. It Frysk is dêrby lykweardich en lykberjochtige oan it Hollânsk as fak en as fier- en ynstruksjetaal.
16. Der wurdt in wurkgroep ynsteld om it nije foech Frysk op kwaliteit te beoardieljen (akkreditaasje).

Taljochting:
Kêst 8.1.e seit dat der foarsjennings wêze moatte om minderheidstalen as in universitêr stúdzjegebiet en yn it heger ûnderwiis bestudearje te kinnen.
Kêst 8.1.h seit dat der in basisoplieding en byskoalling fan dosinten wêze moat om de kêsten 8.1.a o/m g útfiere te kinnen.

6. De ynspeksje
17. Ynspekteurs dy’t yn Fryslân wurkje, moatte yn it besit wêze fan it foech foar Frysk, dat op syn minst ferlykber is mei de Afûk-akte.
18. Ynspekteurs dy’t yn Fryslân wurkje, moatte oantoanber stúdzje makke hawwe fan meartaligens yn it ûnderwiis.
19. De Fryske ynspeksje is ûnderbrocht yn Ljouwert.
20. It ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer is in regulier ûnderdiel fan it tafersjoch.

Taljochting: In ynspekteur dy’t it Frysk net behearsket en net saakkundich is op it mêd fan meartaligens yn it ûnderwiis heart yn Fryslân dy funksje net út te oefenjen, omdat er syn ûnderskate taken dan net goed útfiere kin.

7. De provinsje
21. De provinsje Fryslân as earstferantwurdlike oerheid foar it Frysk wurdt ‘medewetgever’ op it mêd fan it ûnderwiis yn dizze provinsje en it Frysk yn it bysûnder.

Taljochting: It ûnderwiisbelied fan it ryk hâldt troch de bank ûnfoldwaande rekken mei de spesifike taalsituaasje yn Fryslân. De Haach (de Steat) heart net langer allinnich op ryksnivo iensidich wetlike ûnderwiiswetten fêst te stellen en (maat)regels foar it ûnderwiis yn ús provinsje te nimmen. Der

moat oerlis west hawwe en oerienstimming berikt wurde mei de provinsje Fryslân oer formulearring en útfiering. Op dy wize kin der in ein makke wurde oan it feit dat der yn ús provinsje al mear as in ieu aloan beskieden en freonlik frege wurdt om de eigen taal en kultuer syn rjochtlik plak te jaan, ek yn it ûnderwiis, sûnder dat it foldwaande fertuten docht.

Ofslutend: De sintralistyske ienheidssteat dy't Nederlân noch altiten is, heart boppesteande maatregels net langer op te kearen of ûnmooglik te meitsjen, almeast mei ûneigentlike arguminten of ûnfrisse ynsinuaasjes. Bygelyks omdat De Haach sok stribjen as 'onvaderlandslievend' of as skealik foar de eigen, sterk op Hollân rjochte ûntjouwing sjocht. De FFU tinkt dat it bestean fan it Frysk net as in probleem, mar as in rykdom sjoen wurde moat en dat soks rjochten jout en plichten meibringt dy't it fuortbestean en de fierdere ûntwikkeling fan de Fryske taal en kultuer feilichstelle. Dêrom moatte boppesteande maatregels nommen wurde.

Th. Dykstra, foarsitter FFU

021106